

PS-stik

Datum	Nûmer	Portefûljehâlder Deputearre Steaten
6 maaie 2025	02358014	Eke Folkerts
		Ynformaasje
		P. Boorsma, (058) 292 81 90, Finansjeel Belied en Kontrôle

Underwerp

Ramtnota 2026

Taheakken

- Ramtnota 2026

Utstel

Provinsjale Steaten beslute:

1. Yn te stimmen mei de útstellen yn de Ramtnota 2026, ynklusyf de dekking dy't oanjûn is, en it kolleezje op te dragen dy útstellen yn de Begrutting 2026 te ferwurkjen;
2. It finansjeel ramt, taheakke fan de Ramtnota 2026, fêst te stellen.

Oanlieding en gearfetting

Alle jierren wurdt as basis foar de provinsjale begrutting in Ramtnota opsteld. Yn de ramtnota wurdt it finansjeel mearjierreperspektyf sketst en wurde útstellen of weroerwagings ferwurke. Yn de foarlizzende ramtnota steane de needsaaklike útstellen. Dat hat te krijen mei in tal ûnwisse faktoaren, lykas it omheech gean fan de prizen as gefolch fan geopolitike ûntjouwings, mar ek ûndúdlikheid oer wat de ympakt fan de Foarjiersnota fan it Ryk op ús begrutting wêze sil. Dêrnjonken is it foar it kolleezje topprioriteit om earst besteande plannen, projekten en beliedsdoelen út te fieren. Dêr stiet foaroer dat it posityf is om te melden dat der finansjele tafallers binne, dy't ympakt hawwe op it strukturele begрутtingssaldo fan 'e provinsje. By de behandeling fan de begrutting fan 't hjerst sil dêrom in apart goed trochtocht útstel oanbean wurde oer hoe't it kolleezje mei de oerbliuwende beskikbere ekstra middels omgean wol.

Foech/rol Steaten

It finansjeel ramt wurdt troch PS fêststeld en tsjinnet as basis foar it opstellen fan de Begrutting 2026. Oer de útstellen wurdt by it fêststellen fan de Begrutting 2026 yn novimber 2025 besletten.

Bestjoerlike foarskiednis

Yn it bestjoersakkoart is opnommen dat de wjerstânsrasjo fan de provinsje wer werombrocht wurde moat nei de noarm fan 'rom foldwaande' te witten tusken de 1,4 en 2,0. By de no foarlizzende ramtnota is de wjerstânsrasjo op 'en nij itige. Dy is 1,9 en foldocht oan dy noarm. Foar it hanthavenjen fan dat nivo is der beheind romte yn 'e VAR foar ûnûntkombere beliedsútstellen by dizze Ramtnota.

Doel / beëage effekt

Mei de ramtnota 2026 stelle Provinsjale Steaten de ramten fêst foar de mearjierrebegrutting 2026-2029. Dat slacht op de finansjele en de beliedsmjittige kontoeren foar dit planning en control dokumint.

Ynhâldlik

Foar jimme leit de Ramtnota 2026 fan de provinsje Fryslân. It begruttingsproses fan de provinsje set mei de ramtnota, dêr't de rjochtlinen en finansjele ferwachtings foar de begrutting fan 2026 sintraal yn steane, útein. In wichtich ynhâldlik útgongspunt foar ús begrutting is it bestjoersakkoart 'Oparbeidzje foar Fryslân'. Wilens binne wy healwei dizze bestjoersperioade. Yn de tuskenbalâns bestjoersakkoart 2023-2027 is de balâns opmakke en dy lit sjen dat wy in soad fan de formulearre resultaten út it bestjoersakkoart helle hawwe of op koers lizze om se te realisearjen. Dêrby is it fan belang dat wy stappen sette yn ús provinsjale organisaasje om in goede balâns tusken de formaasje dy't nedich is foar oer beskikbere minskkrêft, talint en wurkdruk te kreëarjen.

Lanlik sjogge wy dat de finânsjes ûnder druk steane troch geopolitike ûntwikkelingen en der noch hieltyd sprake is fan in relatyf hege ynflaasje. By it opstellen fan dizze ramtnota binne de útkomsten fan de Foarjiersnota 2025 fan it Ryk noch ûnwis en dêrmei de finansjele karren dy't it kabinet meitsje moatte sil. Der is noch gjin beslút nommen oer wannear't it nije ferdielmodel provinsjefûns ynfierd wurdt en de effekten dêrfan foar ús begrutting. Foar it kolleezje is it topprioriteit om de besteande plannen, projekten en beliedsdoelen út te fieren. Dêrnjonken wolle wy in sûne finansjele situaasje efterlitte foar de perioaden nei ús. De Ramtnota beheint him dan ek ta needsaaklike útstellen.

De aktualisaasje fan it finansjeel ramt lit sjen dat der wer strukturele begruttingsromte ûntstiet fanwegen tafallers yn it provinsjefûns, de opbringst opsinten motorreaubelêsting, dividint en rinteynkomsten. Dy middels binne foar in part needsaaklik om it yn te setten part fan de Frij te besteegjen Reserve (VAR) oan te foljen. Foar in part binne de middels nedich foar it útfieren fan ús wetlike taken/kearntaken smel wêr't, út ûndersyk fan Cebeon nei it nije ferdielmodel, bliken dien hat dat wy te leech sitte. Foar de oerbliuwende beskikbere middels sille wy mei in goed trochtocht útstel komme oer hoe't it kolleezje dêr mei omgean wol. Dat útstel sil tagelyk mei de begrutting 2026 oan jimme foarlein wurde.

Opbou ramtnota 2026

Nei de ynliding biede wy yn haadstik 2 de wenstige fisy op haadlinen op de stân en takomst fan de provinsjale finânsjes. Dêrby jouwe wy ynsjoch yn de ûntwikkeling fan ús baten en lêsten njonken de ûntwikkeling fan de Frij te besteegjen Reserve. Dêrnjonken jouwe wy ynsjoch yn de risiko's dy't wy sjogge, dêrûnder de saneamde 'tsjustere wolken'. Dat binne tydlike of strukturele finansjele ôffallers dy't har yn de kommende jierren foardwaan kinne en dêr't wy dus rekken mei hâlde moatte.

Yn haadstik 3 presintearje wy jimme ûndersteand pakket oan útstellen:

1. Digitale ynfrastuktuer fan de sintrale brêgebetsjinning
2. Ferkearsfeilichheid – Manifest (bydrage oan gemeenten)
3. Nota greidefûgels 2021-2030, ynklusyf predaasjebehear útfiere
4. Nasjonale parken Lauwersmar en Drents-Friese Wold
5. Ferbouwing Noardlik Argeologysk Depot yn Nuis
6. Rjochting en stabiliteit foar de provinsjale organisaasje

De totale kosten dy't dêrmei anneks binne, binne € 75.000 struktureel fan 2026 ôf en € 15,3 miljoen ynsidinteele yn 'e perioade 2026-2027. Dêrnjonken is der struktureel € 1,9 miljoen oanfoljend nedich foar it útstel fan de provinsje organisaasje. Wy stelle út om dat te keppeljen oan it útstel foar de (foar in part) ynset fan de strukturele romte, dat by de begruttingsbehandeling oan jimme foarlein wurde sil.

Yn de taheakke is in wiidweidich finansjeel ramt opnommen.

Ofwagings

Yn de ramtnota binne allinne de needsaaklike útstellen opnommen.

Alternativen

Oare útgongspunten foar it finansjeel ramt kieze oangeande provinsjefûns, opsinten, dividint of yndeksearrings. Dêr is net foar keazen om't it no foarlizzend finansjeel ramt as meast reëel beoardiele wurdt. Dêrby is de wize wêrop't de rûzing ta stân kommen is konfoarm foargeande jierren.

Finansjeel

De totale kosten dy't mei de beliedsútstellen anneks binne, binne € 75.000 struktureel fan 2026 ôf en € 15,3 miljoen ynsidinteele yn 'e perioade 2026-2027.

It oanpast finansjeel ramt sil yn 'e Begrutting 2026 ferwurke wurde.

Partisipaasje

N.f.t.

Ferfolchrol PS

De Ramtnota 2026 sil yn de Begrutting 2026, dy't op 12 novimber yn PS behannele wurde sil, ferwurke wurde.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Ramtnota 2026**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 6 maaie 2025
nr. , oangeande Ramtnota 2026

Oerwagende dat : It needsaaklik is dat foar de Begrutting 2026 de
finansjele útgongspunten fêststeld wurde, sadat dy yn
de Begrutting 2026 ferwurke wurde kinne;
Dêrmei it ramt binne wêryn't beliedskarren makke
wurde kinne;

Beslute :

1. Yn te stimmen mei de útstellen yn de Ramtnota
2026, ynklusyf de dekking dy't oanjûn is, en it
kolleezje op te dragen dy útstellen yn de
Begrutting 2026 te ferwurkjen;
2. It finansjeel ramt, taheakke fan de Ramtnota
2026, fêst te stellen.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste
fan 25 juny 2025 ,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier